

Oan de leden fan de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân
Postbus 13
9290 AA Kollum

Us merkteken: Z255072-2020

Behannele troch: Pieter Tamsma

Datum: 31-1-2020

Underwerp: Skriftlike fragen FNP oer swimdiploma foar de bern fan minima

Achte ried,

Fan de riedsfraksje fan de FNP binne ûndersteande skriftlike fragen ûntfongen oer de fergoeding foar it diploma-A swimmen. Hjirby ûntfange jo de beäntwurding fan de fragen.

De regeling wêrby oan âlden mei in minimum ynkommen mei bern in fergoeding foar it beheljen fan swimdiploma- A ferliend wurdt, is ûnderdiel fan it programma "Kindpakket". Foar de perioade 2019-2022 is troch de gemeente Noardeast-Fryslân op 'e nij in oerienkomst ôfsletten mei de trije organisaasjes dy't hjir oan al útfiering joegen yn de perioade 2015-2018 te witten: Jeugdfonds Cultuur, Jeugdfonds Sport en Stichting Leergeld.

1. Kloppet it dat dizze regeling net mear útfierd wurdt?

De regeling oangeande it beskikber stellen fan in fergoeding oan âlden mei in minimum ynkommen mei bern foar it diploma-A swimmen, wurdt wer útfierd en makket diel út fan de oerienkomst 2019-2022. Der wurdt in fergoedingsbedrach hantearre dat lanlik tapast wurdt yn it ramt fan it programma "Kindpakket".

2. At dit sa is, kin dizze regeling dan ek wer meinaam wurde yn de harmonisaasjeplannen?

De oerienkomst 2015-2018 foar de útfiering fan it programma "Kindpakket" is yn it ferline troch alle trije eardere gemeenten dy't no de gemeente Noardeast-Fryslân foarmje, apart ôfsletten.

De eardere gemeente Dongeradeel hantearre ôfwikend fan de twa oare eardere gemeenten, net it lanlike fergoedingsbedrach foar it diploma-A swimmen. Hja stelden in ekstra bydrage beskikber wêrtroch in eigen gemeentlik fergoedingsbedrach útbetelle waard dat heger wie dan it lanlike fergoedingsbedrach.

Wat de oerienkomst 2019-2022 oangiet, is yn it ramt fan de harmonisaasje oansluten by it hantearjen fan de lanlike fergoedingsnoarm foar it diploma-A swimmen. Troch de weryndieling sûnt 1 jannewaris 2019 fan de eardere gemeenten Dongeradeel, Ferwerderadiel en Kollumerland c.a., moat wetlik foar eltse ynwenner út de nije gemeente Noardeast-Fryslân itselde fan tapassing wêze wannear oanspraak makke wurde kin op in spesifike regeling.

Lyk as by eltse gemeente yn ús lân, is de finansjele sitewaasje oangeande it sosjaal domein ek by ús gemeente net posityf. Op basis fan de jiersifers oer 2018 docht bliken dat yn 2018 yn totaal 68 bern út 39 famyljes út de trije eardere gemeenten gebrûk makke hat fan 'e regeling. De ferdieling oer de eardere gemeenten is sa:

Gemeente	Famyljes	Bern
Dongeradeel	14	22
Ferwerderadiel	12	24

Kollumerland c.a.	13	22
Totaal	39	68

Mei de sifers oer 2018 kin in ynskatting makke wurde fan de útjeftes wannear't ôfwykt wurdt fan it lanlik tapaste fergoedingsbedrach foar diploma-A-swimmen. Utgeande fan 68 bern werby it lanlike fergoedingsbedrach ad € 240,--, it dûbele bedrach fan it lanlike fergoedingsbedrach fan € 480,-- en it bedrach fan de fergoeding fan de eardere gemeente Dongeradeel ad € 600 tapast wurdt, jout dit in neikommende oersjoch mei in ynskatting fan de jierlikse útjeftes:

68 bern en maksimale fergoeding € 240 jout oan jierlikse útjeftes € 16.320

68 bern en maksimale fergoeding € 480 jout oan jierlikse útjeftes € 32.640 (stiging útjeftes 100%)

68 bern en maksimale fergoeding € 600 jout oan jierlikse útjeftes € 40.800 (stiging útjeftes 151%)

By it tapassen fan it ôfwikende gemeentlik fergoedingsbedrach fan de eardere gemeente Dongeradeel foar alle âlden mei in minimum ynkommen mei bern yn de gemeente Noardeast-Fryslân, hat ta gefolch dat de útjeften bot tanimme sille oangeande it ûnderdiel it diploma-A swimmen fan it programma "Kindpakket". Dêrom is oansluten by de lanlike fergoedingsnoarm foar it diploma-A swimmen.

Fansels hâlde wy de effekten fan (oanpassings yn) ús gemeentlike minimaregelings en fergoedingen foar lju mei in smelle beurs goed yn 'e gaten. As ús sinjalen berikke dat groepen bûtensletten wurde, as gefolch fan bygelyks in ûntarikkend fergoedingsbedrach, dan sille wy dat grif wer ûndersykje. Hjiryn wurkje wy gear mei û.o de leden fan it platform 'Bestrijden armoede en sociale uitsluiting' en de koördinatoren fan it programma "Kindpakket".

3. Wêrom is de fêststelde regeling fan de gemeente Dongeradeel oanpast?

De ôfwikende fergoedingsbydrage fan de eardere gemeente Dongeradeel oan âlden mei in minimum ynkommen foar it diploma-A swimmen is net oanpast. Omdat de eardere gemeente Dongeradeel mei yngong fan 31 desimber 2018 as gefolch fan de weryndieling as gemeente ophâlden is te bestean, is hjirmei yn gearhing ek de ôfwikende gemeentlike fergoedingsbydrage foar it diploma-A swimmen op dizze datum op juridyske grûnen automatysk stoppe.

4. En kin dit sûnder oerlis mei de ried?

De útfiering fan it programma "Kindpakket" is it foech fan it kolleezje. De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân stelt hjiryn it kader troch ûnder oaren de finansjele middels beskikber te stellen foar de útfiering fan it programma "Kindpakket".

Heechachtsjend,

Ut namme fan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Noardeast-Fryslân,

H.J.C.M. Verbunt, MBA
Sikretaris

mr. J.G. Kramer
Boargemaster